

Oanbieding brosjuere *10 books from Friesland*

Ljouwert, 27 septimber 2013

Bêste minsken,

Wa't noch noait in Fryske roman, ferhaal of gedicht lêzen hat, dy mist wat. Hoe wier of dat ek wêze mei... wa't hielendal fertroud is mei de Fryske literatuer, dy mist ek wat. Dy ferwûndert him net mear.

Foar binnenstanders is de Fryske literatuer ommers in feit. Se binne der mear of minder grutsk op, sette har der mear of minder foar yn, mar se ferwûnderje har der net mear oer. De Fryske literatuer bestiet foar har boppedat ek al gau út skriuwers, útjouwers, prizen en polemiken, en lang net allinnich út romans, ferhalen en gedichten.

Foar bûtenstanders leit dat hiel oars. In soad minsken, lêzers, skriuwers, útjouwers fan bûten Fryslân en bûten Nederlân ha noch noait in Fryske roman of dichtbondel ûnder eagen hân. Oaren ha wolris in dichter foardragen heard - mar mear ek net. In soad minsken ha hielendal gjin boadskip oan dingen dy't se net kenne. Mar der binne der ek altyd dy't nijsgjirrich binne. Dy ha der aardichheid oan om wat te finen dêr't se noait om socht hiene. Sokken soest se op gang helpe wolle, har ferwûndering yn 'e mjitte komme mei in boek dat derút rint, ferrast, oan it tinken set. Mei in bytsje gelok makket dat boek de bûtensteander syn wrâld rommer en riker.

Dat is it wat ik moai fyn oan de opdracht fan de provinsje Fryslân en it Letterenfûns om yn Frankfurt omtinken te freegjen foar de Fryske literatuer. Dy belangstelling wekker meitsje, de ferwûndering oangripe, suggestjes dwaan en wat op gang bringe. Yn Frankfurt - mar om my ek yn Amsterdam en Ljouwert. Wat op gang bringe yn Europa - mar ek yn Nederlân en Fryslân. Yn Fryslân kaam ein juny al fan alles op gang. Net elkenien wie gelokkich mei de seleksie fan de tsien titels dy't yn de brosjuere opnommen binne. No wie it fansels ek net myn taak om it yn Fryslân elk nei de sin te meitsjen, al moat ik sizze dat ik wat mear enthûsjasme wol aardiger fûn hie. Ik moast earst en foaral in seleksie meitsje dêr't ik yn Frankfurt de belangstelling mei geande meitsje koe by bûtenlânske útjouwers dy't noait of amper fan de Fryske literatuer heard ha. Goeie boeken, boeken dy't wat bysûnders ha, in ferskaat oan proaza en poëzy... resinte en minder resinte literatuer, en... in wichtich ding: boeken dêr't ik my in oersetting by foarstelle koe yn ien fan de Europese talen, en in ynternasjonale lêzerspublyk.

En dan nimst twa âlde Fryske boereromans op... Ik hear it guon fan jim tinken.

De kar foar twa boereromans foel by nochal wat minsken ferkeard. Mar yn de reaksjes gong it noait oer it ferhaal yn dy boeken, de struktuer en de stijl. It like of rekke de assosjaasje fan de Fryske literatuer mei boereromans in gevoelich punt. Ald sear dat werom giet oant yn de jierren sechtich doe't boereromans foar in provinsjale plattelânskultuer stiene dêr't mei ôfweefd wurde moast - oars soe it noait wat wurde mei de moderne Fryske literatuer. No't dy moderne Fryske literatuer der is, soe net ien mear benaud wêze hoege, en grutsk wêze kinne op de literêre kwaliteit fan guon boereromans. Mar blykber sit it djip, dat sear. Gelokkich ha bûtenstanders, en dus ek bûtenlânske útjouwers, mei sokke Fryske gevoelichheden neat te krijen. Dy wolle goeie boeken. En dy wol ik dus boeken oanrikkemandearje dy't wat te sizzen ha, oan universeel

minsklike tema's reitsje en goed skreaun binne. Boeken dy't boppedat in bytsje opfalle. Dêr't in útjouwer fan tinkt: hé... Want ik stel my foar dat útjouwers dy't in brosjure mei titels út in folslein ûnbekende literatuer ûnder eagen krije net sitte te wachtsjen op wat se út oare literatueren al kenne. En dat serieuze útjouwers oanfiele sille dat âldere, poerbêste en bysûndere boeken no – yn dizze moderne tiid – in soarte fan frisheid ha dy't foar harren lêzers nijsgjirrich is. Ik hie dat faaks net iens sa min sketten: doe't it Letterenfûns heal augustus ôfspraken makken mei bûtenlânske útjouwers foar yn Frankfurt, en harren de pdf fan de Fryske brosjure tastjoerden, frege in foarnaam Dúts útjouwershûs fuortdrekt om eksimplaren fan *Grûn en minsken* en *De sûnde fan Haitze Holwerda*. Us earste soarch is no dus goeie oersettingen fan in pear haadstikken. Oer oersettingen aansten mear, mar earst dit.

Net allinnich yn Fryslân, mar ek yn Amsterdam is in hiele protte op gang kommen. Oer sa'n nij projekt moat fansels in soad oerlein wurde en dat jout in soad ekstra wurk. En dêr kaam de taryeding fan de brosjure by. It opmeitsjen fan in brosjure komt o sa krekt. Dat witte se by it Fûns troch jierren ûnderfining mei de brosjures mei Nederlânske titels. Sûnder de help en stipe fan in moai ploechje Fûnsminskten hie it meitsjen fan de brosjure mei Fryske titels in behyplike ûndernimming west. En dit alles is noch mar it begjin. Utjouwers dy't om pdf's freegje en Ingelske oersettingen ha wolle, moatte fierder holpen wurde; dy oersettingen moatte útsetten wurde by oersetters dy't net altyd foar hannen binne... It is pionierswurk en dat it Fûns har ekspertise en netwurk beskikber stelt, is wat om hiel wiis mei te wêzen. Ik kin aansten de Fryske literatuer ûnder de aandacht bringe by útjouwers dêr't it Fûns al jierren kontakt mei hat. Wat in kâns! Oarsom hat de Fryske literatuer troch dit projekt en de gearwurking yn Amsterdam sûnder mis mear kleur krigen. Ik hoopje dat de belangstelling en belutsenens dy't op gang brocht is ek op termyn ta moaie dingen liede sil.

De brosjure – dy't ik aansten oan de deputearre oanbiede mei - is noch mar it begjin. Yn mear as ien opsicht: it is it begjin fan in nij soarte fan gearwurking tusken it Letterenfûns en de ûnderskate organisaasjes dy't har dwaande hâlde mei Fryske literatuer, en foar my yn Frankfurt it begjin fan in petear mei bûtenlânske útjouwers. As ik harren ynteressearje kin foar ien of mear boeken út de brosjure, sille se har sels fierder oriïntearje kinne fia de websites fan Tresoar en Sirkwy - en fan it DBNL dy't hieltyd mear Fryske literatuer opnimt. Koartlyn noch in Nederlânske bewurking fan *Leafdedea* fan Homme Eernstma. *Leafdedea* is ien fan de titels yn de brosjure.

By de seleksje wie it belangryk – dat sei ik al – dat ik my it boek yn in oersetting yn de ien of oare taal foarstelle koe. Oft it boek earder yn it Hollânsk oersetten is, en oft dy oersetting súksjefol wie of net, hat dêrby eins amper in rol spile. In oersetting yn it Hollânsk, foar in Hollânsk lêzerspublyk, is wat oars as in oersetting yn it Ingelsk of Dútsk, en it lêzerspublyk fan healweis de tweintichste ieu of fan tsien jier lyn is oars as dat fan 2013. Sa hie ik as lêzer anno 2013 by *Grûn en minsken* assosjaasjes mei de resinte films fan de Coen-brothers, dy't ek altyd erges djip yn de provinsje spylje, fan Amearika yn har gefal. En ik hie it idee dat de taal en stijl fan it boek Arnon Grunberg en Dimitri Verhulst wol noaskje soe. Mar dy moatte it boek net earder lêze as dat der in goeie oersetting is. De besteande Hollânske oersetting is der fansels finaal by troch: troch grammatikaal keurich netsjese en o sa fatsoenlike sinnen te brûken, mei wurden as 'terstond' en 'geenszins' is alle tsjinstridichheid, woestheid en grilligheid derút rekke. In oersetter moat echt mei in tekst oan it wurk. Homme Eernstma, of leaver Sixma van Heemstra, wist dat, en hat klauwen hân mei it oersetten fan *Leafdedea*: 'Wat yn it Frysk poezy is', klage er yn in brief, 'wurdt yn it

Hollânsk in ferhanneling of útiensetting.’ Hy brûkte sa ienfâldich mooglike wurden, en bande alle skriuwtalwurden. It risseltaat is in pracht-tekst, it is net in oersetting wurden mar in bewurking, mei – spitigernôch – in oar ein.

Tinkend oan Frankfurt spilen my fansels foaral oersettingen nei it Frâns, Dúts, of Italiaans troch de holle. *Númers* fan Jaap Krol rôp by my assosjaasjes op mei Frânske skriuwers. Ionesco, Queneau, Marguerite Duras. Ik koe my by dat boek maklik in oersetting yn it Frânsk foarstelle. *In Jikse-libben* en *De gewoanste man* lykje my earder boeken dy’t it Dúts en Ingels goed dwaan kinne soene. En de poezy? Dat wurd foar oersetters fansels in grut avontuer. Mar ... as de poezy fan Tsjêbbe Hettinga oersetten wurde kin yn it Ingels, Dúts, Spaans en Frâns, dan kin dat mei gedichten fan Elske Kampen en Elmar Kuiper ek.

By in oersetting giet altyd wat ferlern, seit men. Mar der komt ek wat by, as it goed is. De Engelse beskriuwingen fan de tsien titels yn dizze brosjuere litte dat al in bytsje sjen.

Mei tank oan allen dy’t deroan meiholpen ha, bied ik deputearre Jannewietske de Vries graach in eksimplaar fan *10 books from Friesland* oan.